

Hoe stom is de stomme /r/?¹

Willem Visser (*Fryske Akademy, Ljouwert/Frysk Ynstitút, RuG, Grins*)

1 Ynlieding

Yn de literatuer oer de fonology fan it Frysk wurdt algemien oannommen, dat it bylûd /r/, as it binnen ien en itselde wurd foar tosklûden stie, in proses fan delesje ûndergongen hat (sjoch Sytstra (1956:53-54), Colmjon (1863:19), Van Blom (1989:34-35), Feitsma (1902:23), Postma en De Clercq (1904:17), Sipma (1913:22,§100), Sytstra en Hof (1925:62), Tiersma (1979:140), Tiersma (1985:32-33; 1999²:28-29), Hoekstra (2001a:87), Popkema (2006:76-77) en Duijff en Van der Kuip (2011:45)). Wurden lykas *bern*, *lears*, *fers*, *burd* en *kaart* hawwe dan in ûnderlizzende represintaasje sûnder /r/, sjoch (1):

- (1) *ûnderlizzende represintaasje fan guon wurden mei in skreaune <r> foar tosklûden*

<i>bern</i>	/bɛ:n/
<i>lears</i>	/lɪɹɹz/
<i>fers</i>	/fɛs/
<i>burd</i>	/bød/
<i>kaart</i>	/ka:t/

It liket net yn 'e kiif te stean, a) dat /r/ der yn sokke wurden ea west hat en b) dat er yn de útspraakfoarm fan sokke wurden hjoed-de-dei gjin rol mear spilet. Yn de fonetyske transkripsje fan sokke wurden komt de skreaune <r> dan ek net foar, sjoch dêrfoar bygelyks de Fryske wurdboeken. Fierders wit ik ek net fan fonetyske mjittingen dy't op spoaren fan /r/ foar tosklûden wize.²

1 Hjirby wol ik Siebren Dyk en de redaksje fan dizze bondel tank sizze foar har kommentaar op eardere ferzjes fan dit stik.

2 Neffens Dyk (2006:101) hat der yn it Fryske taalgebiet in sterke tendins west om /r/ foar tosklûden te skrassen, mar binne der fan dy /r/ yn guon (ming)dialekten noch wol spoaren oerbleaun. Dêrby giet it meast om in spesifike realisearring fan de tosklûden. Dyk hat oanwizingen ditoangeande fûn yn (de literatuer oer) it Skiermûntseagersk, it Hylpersk, it Amelânsk, it Biltsk, it Ljouwerter stedfrysk en it Stellingwerfsk. Sjoch spesifyk foar it Ljouwerter ek Van Bezooijen (2006).

Versloot (2002) giet yn op de ynfloed fan de /r/ op foarôfgeande lûden, benammen yn it Skylger Frysk en it Súdwesthoeksk. Sjoch datoangeande ek it neikommende sitaat út Sytstra en Hof (1925:14): “Voor een r, ook als deze thans niet meer gehoord wordt [myn skeanprint, wv], klinkt zij [de “helderkorte e”, lykas yn *hebbich*, *wedzje*, *lef*, *lech*, *bek*, *hel*, *mem*,

Dat hoecht lykwols net automatysk te betsjutten, dat /r/ dan ek gjin diel mear útmakket fan de ûnderlizzende represintaasje fan de oanbelangjende wurden. Yn dit stik wol ik neigean, oft it net doel hat en nim in ûnderlizzende /r/ oan yn wurden lykas dy yn (1). As dêr argumenten foar by te bringen binne, dan komt it as fansels ek op de fraach, hoe't men dan wer fan dy /r/ ôf komt, want, sa't hjirfoar al sein is, hy wurdt net mear útsprutsen.

Yn myn analyze gean ik út fan it derivaasjele model fan de Leksikale Fonology, dat mei ferskillende nivo's fan represintaasje en regeltapassing wurket, dêr't ferskillende beheiningen foar jilde: a) it ûnderlizzende nivo, b) it leksikale nivo, c) it fonetyske nivo c.q. de oerflaktestruktuer (sjoch Visser (1997:6-12) en de dêr neamde literatuer).³ Yn § 5 kom ik derop werom, hoe't myn útstel him yn dizze teory bepanse lit.

De fraachstelling fan dit stik is: hokker foardielen hat it om fan in ûnderlizzende /r/ yn wurden lykas dy yn (1) út te gean en is de ôflieding fan de oerflaktestruktuer sûnder dy /r/ op teoretyske grûnen oannimlik te meitsjen? Dy fraachstelling wurdt yn de opbou fan dit stik wjerspegele. Yn § 2 giet it oer de oanwizingen dat /r/ der foar tosklûden west hat en yn § 3 oer de oanwizingen dat dy /r/ der net mear is. Dan komt yn § 4 de evidinsje op it aljemint dat it syn foardielen hawwe kin om /r/ ûnderlizzend foar tosklûden dochs oan te nimmen, wylst yn § 5 neigongen wurdt op watfoar nivo oft dy /r/ dan in rol spilet en hoe't men him kwyt rekket. Mei in pear einslutende opmerkingen komt der yn § 6 in ein oan it stik.

2 /r/ hat der west

De <r> dêr't wy it hjir oer hawwe – dy't foar tosklûden al skreaun, mar net útsprutsen wurdt – hat der yn eardere perioaden fan it Frysk wol west. Dêr binne ûnderskate oanwizingen foar, dy't yn dizze paragraaf behannele wurde. It giet om de stavering (§ 2.1), de Nijfryske brekking (§ 2.2), de oergong fan /ɛ/ nei /ɪ/ foar /r/ (§ 2.3) en it nei foaren kommen fan in ûnhistoaryske /r/ foar tosklûden (§ 2.4).

en, rep, wer, les en pet, wv] in sommige woorden (bern, tsjerne, herne, tsjerke), over een groot deel van het taalgebied iets gerekter dan gewoonlijk.”

3 Kaisse en McMahon (2011) jouwe in oersjoch fan hoe't it de Leksikale Fonology fergongen is yn de konfrontaasje mei net-derivaasjele teoryen, benammen Optimality Theory: hokker aspekten fan de teory moatte fersmiten wurde, hokker libje, yn in oangepaste foarm, fierder yn oare teoryen en hokker deskriptive problemen dy't de Leksikale Fonology tsjinkaam, moatte noch altyd oplost wurde?

2.1 de stavering

Dat <r> yn wurden lykas dy yn (1) fan âlds altyd skreaun wurdt, is in earste oanwizing dat sokke wurden in [r] yn de útspraak hienen. It leit yn 'e reden dat /r/ dan ek diel fan de ûnderlizzende represintaasje wie.

No wurdt <r> yn sokke wurden noch altyd skreaun. Foar Frysklearders is dat handich, omdat deselde wurden yn de oanbuorjende Germaanske talen mei (in fariant fan) /r/ realisearre en mei <r> stavere wurde, dat de werkenberheid fan de Fryske wurden is mei <r> in stik grutter (sjoch ek de passaazje oer in diel meartalich leksikon by meartaligen yn § 5 hjirnei).

2.2 de Nijfryske brekking

In oare oanwizing leveret it proses fan de Nijfryske brekking. Yn Van der Meer (1985:31) wurde konteksten neamd dêr't brekking him altyd yn foardien hat. It giet om wurden dy't op bylûdkloften útgeane mei /r/ as earste lid, dêr't yn (2) foarbylden fan jûn wurde:

(2) wurden op /r/ + bylûd (dê kontekst foar brekking)

<i>koark</i>	<i>bjirk</i>
<i>doarp</i>	<i>soarch</i>

Boppedat is /r/ ek diel fan de einkloften fan wurden mei in navenant lyts tal útsûnderingen op brekking. Yn (3) wurde foarbylden jûn fan wurden op /r/ + tosklûd mei brekking:

(3) wurden op /r/ + tosklûd mei brekking

<i>toarn</i>	<i>earnst</i>
<i>koart</i>	<i>fuort</i>
<i>board</i>	<i>foars</i>
<i>hjerst</i>	<i>boarst</i>
<i>woarst</i>	

In generalisearjende beskriuwing fan it ûntstean fan brekking is allinnich mooglik, as oannommen wurdt, dat /r/ yn de 17de/18de ieu, doe't dit lûdferskynsel oan it opkommen wie, foar tosklûden útsprutsen waard, sa't Van der Meer (1985:50, noat 9) eksplisyt úthâldt.

2.3 de oergong fan /ɛ/ nei /ɪ/ foar /r/

In tredde oanwizing is de oergong fan it heal iepene foarlûd /ɛ/, oer /ɪ/, nei /ø/ foar de sekwinsje /r/ + tosklûd/kiellûd (Hoekstra (2001b:724)); sjoch (4) foar guon foarbylden:

- (4) *foarbylden fan de oergong fan /ɛ/, oer /ɪ/, nei /ø/ foar de sekwinsje /r/ + tosklûd/kiellûd*

<i>werk</i>	>	<i>wirk</i>	>	<i>wurk</i>
<i>werd</i>	>	<i>wird</i>	>	<i>wurd</i>

Al is de /r/ yn *wurd* stom wurden, it lûd /ø/ tsjûget derfan, dat dit wurd him op it stik fan de lûding op deselde wize ûntjûn hat as *wurk*, dat de /r/ beholden hat.

2.4 it nei foaren kommen fan in ûnhistoaryske /r/ foar tosklûden

As /r/ der foar tosklûden west hat en der no net mear is, dan moat der in tiid west hawwe, dat dit bylûd oan it weiwurden wie⁴. It sil dêrby sa gongen wêze, dat /r/ wurd foar wurd weifoel en dat der op in stuit dus wurden wienen dy't de /r/ al kwyt wienen, mar ek guon dy't him noch hienen. By de taalbrûker liedt sa'n ûntrochsichtige tastân ta ûnwissichheid oer de status fan /r/ foar tosklûden. It wol dan maklik sa gean, dat /r/ net allinnich foar tosklûden skrast wurdt, mar dat er, oarsom, ek foar tosklûden ynfoege wurdt. Dat ferskynsel wurdt wol as 'regelomkearing' beneamd en is út hyperkorreksje wei te ferklearjen. Sa't de foarbylden yn (5) sjen litte, hat soks him yn it Frysk ek foardien:

4 It sil net yn ien kear fan in folle /r/ op it folslein missen fan de /r/ útkommen wêze. Besjoch yn dit ferbân it neikommende sitaat fan Harmen Sytstra: "In de meeste tongvallen is zij [de r, vv] stom vóór **d, l, n, s, th** en **t**, of eigenlijk, *alleen het ratelen der r wordt daarbij niet gehoord* [myn skeanprint, vv]; want de wijziging welke zij anders aan vele vokaalklanken geeft, blijft, bij de meeste Westfriezen ten minste, daarom even goed bestaan, zoodat in vele gevallen hieraan het aanwezig van de stomme **r** zeer goed te bemerken is" (Sytstra (1856:53)). It belúnjen fan it ratteljen fan de /r/ is de earste stap fan it ferswakkingsproses. Mar sels al is der hielendal gjin ratteljen mear, dan noch hoecht /r/ net folslein weiwurden te wêzen. Oan Sytstra syn beskriuwing te sjen, wie /r/ yn syn tiid in saneamde 'net-realisearre' konsonant: alles waard wol yn de stân brocht om [r] út te sprekken, mar de realisearring krige net folút syn beslach. Ferlykje Duijff en Van der Kuip (2011:48), dy't in skriftlike meidieling fan J.H. Brouwer oanhelje (út in brief fan J.J. Hof fan 2 oktober 1948 oan J. Westerhof te Rotterdam): "Yn bakkersfeint, boartersguod siz ik net in folsleine r, mar like min kin ik sizze, dat er finaal fordwoun is; it is, tinkt my, sa: men makket risselewaesje om in r to sizzen, *mar lit it op healwei of al earder sitte*".

(5) *foarbylden fan wurden mei in 'ûnhistoaryske' /r/ foar in tosklûd*

a. *út it Midfryske tiidrek (Stapelkamp (1955))*

<i>moarntop</i>	(<i>moantop</i>)
<i>sprinkhoarne</i>	(<i>sprinkhoanne</i>)
<i>raernde</i>	(<i>raande</i>)
<i>Karstânjen</i>	(<i>kastanjes</i>)

b. *yn âlde lienwurden*

<i>obsternaat</i>	(<i>obstinaat</i>)
<i>otterdoks</i>	(<i>ortodoks</i>)

c. *yn eigen wurden*

<i>Ternaard</i>	(< âlder <i>Tunnawerth</i>)
<i>-ernôch</i>	(< âlder <i>anôch</i>)
<i>jongers</i>	(<i>jonges</i>)
<i>sinters</i>	(<i>sintes</i>)

Sokke ûnhistoaryske /r/'en wize op it proses fan /r/-weifal foar tosklûden. En dat lêste hâldt wer yn, dat /r/ der yn dy posysje ea west hat.

3. **/r/ is der net mear**

Dat /r/ der foar tosklûden binnen ien en itselde wurd syngroan net mear is, wurde yn dizze paragraaf ûnderskate arguminten foar bybrocht. Dy hawwe te krijen mei rym (§ 3.1), nasalearring (§ 3.2), de distribúsje fan de (stimhawwende en stimpleaze) rûzers yn it wurd (§ 3.3) en /d/-rotasisme (§ 3.4).

3.1 **rym**

Wurden dy't mei <r> foar in tosklûd stavere wurde, rymje op wurden dy't op allinnich it tosklûd útgeane. Yn Fryske poëzij kin men rympearen fine as *net* ~ *hert*, *bliede* ~ *ierde*, *oan* ~ *moarn* (ik jou dêr fierder gjin fynplakken fan). Hjir wol ik allinnich wize op it nammerymke *Sjoerd bargebloed*, mei it suvere rym <oerd> ~ <oed>, net oars as yn *Piter sa hyt er*.⁵

5 De útspraak is [sju.əd baryəblu.ət]. De /b/- fan *bargebloed* soarget foar (weromwurkjende)

3.2 nasalearring

It fonologyske ferskynsel nasalearring lit him skematysk beskriuwe as yn (6):

(6) *nasalearring yn skema*

lûd + /n/	+	/f,v,s,z,r,l,j,w/
⇒ nasaal lûd	+	/f,v,s,z,r,l,j,w/

kondysje: lûd + /n/ hearre ta ien en itselde wurdlid

Nasalearring is in lokaal proses, der mei neat tusken it lûd en it noaslûd /n/ yn stean. Nim de foarbyldsinnen yn (7), mei de jongere lienwurden *urn* en *modern* (de nasalens fan in lûd wurdt mei in superieure <n> efter it oanbelangjende lûdteken oanjûn):

(7) *gefallen sûnder nasalearring mei wurden op <rn>*

De urn fan [ørn fɔn] * [øⁿr fɔn] ús pake sil hjoed ynmitsle wurde
In modern stik [mo.dɛrn stik] * [mo.deⁿr stik]

Yn *urn* en *modern* wurdt /r/, foar it tosklûd /n/, útsprutsen: [ørn] en [mo.dɛrn]. It lûd en /n/ steane hjir dan ek net neistinoar. Dêrmei foldogge de sekwinsjes *urn fan* en *modern stik* net oan de lokaliteitskondysje op nasalearring, sjoch (6), en dêrom wurde *urn* en *modern* hjir mei in oraal lûd realisearre.

Eigen wurden dy't op <rn> útgeane, litte lykwols in oar byld sjen, sa't de foarbylden yn (8) útwize:

(8) *gefallen mei nasalearring mei wurden op <rn>*

Moarn sill' [mo.əⁿ si] * [mo.ərn si] *wy de hjouwer slaan*
Sok jern rekket [jɛⁿ rɛkət] * [jɛrn rɛkət] *samar yn 'e tiis*
Bern wolle [bɛ:ⁿ volə] * [bɛ:rn volə] *altyd wat oars*
De Boarn rint [bo.əⁿ rint] * [bo.ərn rint] *hijr lykop mei de dyk*
fearnsjier [fi.əⁿziər] * [fi.ərnziər]
bernsk [bɛ:ⁿsk] * [bɛ:rnsk]

assimilaasje fan stim fan de -/d/ fan *Sjoerd*. De einlûdferskerping dy't -/d/ ûndergiet, wurdt yn dizze konstellaasje dus wer ûngedien makke. Foar it rym liket it útspraakferskil tusken [sju.əd] en [baryəblu.ət] neat út te meitsjen.

Wat nasalearring oangiet, hâlde en drage de wurden op -<rn> yn (8) har net oars as wurden dy't op -/n/ útgeane, lykas *soan* /soən/, *sjen* /sjɛn/ en *lean* /lɛən/.

Der is hjir lykwols mear te rêden. Nasalearring foar it bylûd /s/ gong histoarysk sjoen lykop mei rekking fan it lûd. Dy rekking hat syn spoaren yn it Frysk fan hjoed-de-dei neilitten, útdrukt troch de generalisaasje yn (9) (sjoch De Haan (1988) en Visser (1991)):

(9) -ns-generalisaasje

yn net-gearstalde wurden is it lûd foar de kloft -/n{s/z}/ lang⁶

De effekten fan dizze generalisaasje kin men ôflêze oan wurden lykas dy yn (10):

(10) wurden dy't de -ns-generalisaasje yllustrearje

- | | |
|----------------------------|--------------------------------|
| a. haadwurden | |
| <i>glâns</i> /glɔ:nz/ | <i>dûns</i> /du:ns/ of /du:nz/ |
| <i>prins</i> /pre:ns/ | <i>winsk</i> /ve:nsk/ |
| <i>kânsel</i> /kɔ:nsəl/ | <i>finster</i> /fe:nstər/ |
| <i>meunster</i> /mø:nstər/ | |
| b. tiidwurden | |
| <i>grânz(je)</i> /grɔ:nz/ | <i>wrinzg(je)</i> /vre:nzy/ |
| c. persoansnammen | |
| <i>Hâns</i> /hɔ:nz/ | <i>Rinse</i> /re:nsə/ |
| d. lienwurden | |
| <i>balâns</i> /balɔ:nz/ | <i>yntins</i> /inte:ns/ |

Besjoch no de wurden op -<rns> yn (11):

(11) wurden op -<rns>

- | | |
|------------------------|------------------------|
| a. haadwurden | |
| <i>stirns</i> /ste:nz/ | <i>earnst</i> /jɛ:nst/ |

6 Dat it efterheaksel -ens (-/əns/) fonotaktysk besjoen yn 'e es is, is dan ek in moaie oanwizing dat de sjwa ('stomme e') him as in lang lûd hâldt en draacht. In oaren ien is dat sjwa oan 'e ein fan in wurd foarkomme kin, wat foar lange ienlûden en delgeande en sintralisearjende twilûden in gewoan plak is, mar foar koarte (ien)lûden net.

- b. *plaknammen*
Harns /ha:nz/ *Warns* /va:nz/
Murns /mønz/ *Turns* /tø:nz/
Tearns /tɪənz/

Generalisaasje (9) jildt ek foar wurden op <rns>. De rol fan /r/ liket yn sokken dus útspile te wêzen.

3.3 de distribúsje fan de (stimhawwende en stimleaze) rûzers yn it wurd

De distribúsje fan de (stimhawwende en stimleaze) rûzers yn it wurd is grosso modo lykas yn (12) (sjoch û.o. Visser (1997:49-52)):

(12) *de distribúsje fan de rûzers yn it wurd*

- a. de stimhawwende rûzers – /v/, /z/ en /ɣ/ – hawwe meast altyd ‘wat langs’ foar har (in lang lûd, in delgeand of sintralisearjend twilûd, in koart lûd + /l/ of /r/)
- b. de stimleaze rûzers – /f/, /s/ en /x/ – komme meast altyd nei in koart lûd

De foarbylden yn (13) yllustrearje dit patroan:

(13) *wurden dy’t it rûzerpatroan yllustrearje*

- a. *mei in stimhawwende rûzer nei, ‘wat langs’*
- | | | |
|-----------------|------------|------------------------------------|
| <i>fiif</i> | /fi:v/ | (ferlykje <i>fiiven</i> [fi:vən]) |
| <i>huver</i> | /hy:vər/ | |
| <i>sleef</i> | /sle:v/ | (ferlykje <i>sleven</i> [sle:vən]) |
| <i>salve</i> | /sɔlvə/ | |
| <i>priis</i> | /pri:z/ | (ferlykje <i>prizen</i> [pri:zən]) |
| <i>slûs</i> | /slu:z/ | (ferlykje <i>slúzən</i> [slu:zən]) |
| <i>glês</i> | /glɛ:z/ | (ferlykje <i>glêzen</i> [glɛ:zən]) |
| <i>hals</i> | /hɔlz/ | (ferlykje <i>halzen</i> [hɔlzən]) |
| <i>sig(e)</i> | /si:ɣ/ | |
| <i>sûch</i> | /su:ɣ/ | (ferlykje <i>sûgen</i> [su:ɣən]) |
| <i>galge</i> | /gɔlyə/ | |
| <i>herberge</i> | /hɛrberɣə/ | |

- b. *mei in stimleaze rûzer nei in koart lûd*
- | | | |
|---------|----------|-------------------------|
| wif | /vɪf/ | (ferlykje wiffe [vɪfə]) |
| huff(e) | /høf/ | |
| wis | /vɪs/ | (ferlykje wisse [vɪsə]) |
| stisel | /stisəl/ | |
| kich(e) | /kɪx/ | |
| ychel | /ixəl/ | |

It giet hjir om in sterke tendins, mei útsûnderingen nei beide kanten, sjoch (14):

(14) *útsûnderingen op it rûzerpatroan*

- a. *wurden mei in stimhawwende rûzer nei in koart lûd*
- | | | |
|---------|---------|------------------------------|
| haww(e) | /hav/ | |
| argyf | /argiv/ | (ferlykje argiven [argivən]) |
| hazze | /hazə/ | |
| lizz(e) | /lɪz/ | |
| fluch | /fløʏ/ | (ferlykje flugge [fløʏə]) |
| slach | /slay/ | (ferlykje slaggen [slayən]) |
- b. *wurden mei in stimleaze rûzer nei ,wat langs‘*
- mei /ff/*

sjofel	/sjo:fəl/	
tafel	/ta:fəl/	
rîmfel	/rɪmfəl/	
(sk)romfel	/((sk)romfəl/	(sk)ronfel /((sk)ronfəl/
kaamfer	/ka:mfər/	kaanfer /ka:nfər/
 - mei /s/*

alsem	/ɔlsəm/	
balsem	/bɔlsəm/	
halsem	/hɔlsəm/	
Skalsum	/skɔlsəm/	
Jelsum	/jɛlsəm/	
Wolsum	/vɔlsəm/	
 - mei /x/*

goochem	/go:xəm/	
---------	----------	--

Fan it patroan yn (14a) wurde hjir inkel in pear foarbylden neamd, wylst (14b) alle gefallen jout dy't ik fine kinnen haw.⁷ Fan de earsten binne der

7 Mei de lienwurden op -<aaf> en -<oof>, lykas *paragraaf* en *filosoof*, is der ditoangeande

du folle mear as fan de lêsten, dat de kwantitative ferhâlding tusken de twa soarten útsûndering op it rûzerpatroan is wakkere ûnlykwichtich.⁸

Yn (15) wurde foarbylden fan wurden op <rs> jûn:

(15) *foarbylden fan wurden op <rs>*

a. *mei in koart lûd*

<i>fers</i>	/fɛs/	(ferlykje <i>fersen</i> [fɛsən])
<i>dwars</i>	/dwas/	(ferlykje <i>dwarse</i> [dwasə])
<i>kers</i>	/kɛs/	(ferlykje <i>kersen</i> [kɛsən])

b. *mei in lange sekwinsje*

<i>bears</i>	/bɪəz/	(ferlykje <i>bearzen</i> [bɪ.əzən])
<i>beurs</i>	/bøəz/	(ferlykje <i>beurzen</i> [bø.əzən])
<i>ears</i>	/ɪəz/	(ferlykje <i>earzen</i> [ɪ.əzən])
<i>floers</i>	/fluəz/	(ferlykje <i>befloerzje</i> [bøflu.əzjə])
<i>gers</i>	/gɛːz/	(ferlykje <i>begerzje</i> [bægɛːzjə])
<i>hoars</i>	/hoəz/	(ferlykje <i>hoarzen</i> [ho.əzən])
<i>lears</i>	/lɪəz/	(ferlykje <i>learzen</i> [lɪ.əzən])
<i>oars</i>	/oəz/	(ferlykje <i>oarzer</i> [o.əzɛr] (bernetaal))
<i>pears</i>	/pɪəz/	(ferlykje <i>pearze</i> [pɪ.əzə])
<i>wêrs</i>	/vɛːz/	(ferlykje <i>wêrzje</i> [vɛːzjə])
<i>koers</i>	/kuəs/	(ferlykje <i>koersen</i> [ku.əsən] en <i>koerse</i> [ku.əsə])

Sille de wurden yn (15a) net ûnder it útsûnderlike patroan fan (14b) falle, dan moat der yn de ûnderlizzende represintaasje gjin /r/ oannommen wurde. Sûnder /r/ binne de represintaasjes neffens (12b), in generalisaasje oer de stimleaze rûzers. Yn (15b) hat men wurden mei in lange sekwinsje foar <rs>. Giet men hjir ek út fan in ûnderlizzende represintaasje sûnder /r/, dan ferwachtet men op grûn fan generalisaasje (12a) in stimhawwende rûzer. Op *koers* nei komt dat út.

wat te rêden. It meartal wie *paragrafen* en *filosofen*, mei [-f]-. Dat wiist op in ûnderlizzende represintaasje mei in /f/, dat, nei it lange lûd, útsûnderlik is. Der is lykwols in oanstriid om by dizze wurden yn it meartal -[v]- te realisearjen, oars sein, de einichste rûzer fan dit slach wurden begjint him te jaan nei it distribúsjepatroan fan de stimhawwende rûzers, sa't dat yn (12a) beskreaun wurdt.

8 It falt fierders op, dat de stimleaze rûzer yn (14b) altyd midden yn it wurd stiet en dat it tosklûd /s/ (yn (14b2)) folge wurdt fan de sekwinsje sjwa en it twalippige noaslûd /m/, wylst de liptoskige /f/ (yn (14b1)) sjwa en ien fan de tosklûden (likwiden) /l/ en /r/ nei him krijt. Dêrmei hat men hjir in 'dissimilatoarysk' patroan. Mei it kiellûd /x/ is der mar ien gefal (yn (14b3)), dat dat slacht gjin merk.

3.4 /d/-rotasisme

As it tosklûd /d/ tusken in beklamme en in ûnbeklamme lûd yn stie, dan koe it – oer it tuskenstadium fan in ienrattelige [r] – oergean yn de likwide /r/ (sjoch Veenstra (1989)).⁹ Yn (16) wurde dêr in pear foarbylden fan jûn:

(16) *foarbylden fan wurden dêr't /d/-rotasisme yn wurke hat*

- | | |
|------------------------------|--|
| a. wurden mei in keale -/d/- | |
| <i>hâre</i> [hɑ:rə] | (út en neist <i>hâlde</i> /hɑ:də/) |
| <i>starich</i> [sta:rəx] | (út en neist <i>stadich</i> /sta:dəx/) |
| <i>purring</i> [pøriŋ] | (út en neist <i>pudding</i> /pødiŋ/) |
| b. wurden mei -/rd/- | |
| <i>aardich</i> [a:rəx] | (út en neist [a:dəx]) |
| <i>oardel</i> [o.ərəl] | (út en neist [o.ədəl]) |
| <i>wurde</i> [vørə] | (út en neist [vødə]) |

De /r/ dy't yn de wurden yn (16b) foar de /d/ stie – en dêr noch altyd skreaun wurdt – moast weifalle, foardat oan de betingsten foar /d/-rotasisme foldien waard.

De yn dizze paragraaf behannele gefallen pleitsje foar de oannimming dat de histoaryske /r/ foar tosklûden net mear yn de ûnderlizzende represintaasje fan de oanbelangjende wurden foarkomt.

4 /r/ is der noch al

Nettsjinsteande de evidinsje fan de foarige paragraaf, binne der ek arguminten om /r/ noch al oan te nimmen yn de ûnderlizzende represintaasje fan wurden dy't mei <r> foar in tosklûd stavere wurde. Dy komme hjir no oan 'e oarder. Yn § 4.1 giet it om wat fonotaktykske restriksjes ús ditoangeande te fertellen hawwe, wylst yn § 4.2 de ynbring fan lûdpatroanen sintraal stiet.

9 Omdat it hjir om histoaryske gefallen giet, is yn de beskriuwing fan /d/-rotasisme yn de tekst de doe-tiid brûkt. Dêr wol net mei sein wêze, dat dit ferskynsel him syngroan net mear foardwaan kin.

4.1 fonotaktyske restriksjes

Guon fonotaktyske restriksjes dy't mei /r/ gearhingje, jilde ek foar wurden mei in foar tosklûden stavere <r>. Sa mei der gjin (koart of lang) sletten lûd en gjin lang heal sletten lûd foar /r/ stean, sjoch (17):

(17) *fonotaktyske restriksje oangeande /r/*

* /{i(:),y(:),u(:),e:,ø:,o:}r/

De delgeande twilûden, dy't op in sletten lûd útgeane – te witten /ai/ (<ai>), /ei/ (<ij/ei>), /ɔu/ (<au/ou>), /ʌy/ (<ui>) en /oi/ (<oi>) – wurde sa foar /r/ ek útsletten. It docht no bliken, dat de lûden yn (17) systematysk net foar tosklûden foarkomme, as de skreaune <r> dêroan foarôf giet, wylst de measten op harsels wol fan tosklûden folge wurde kinne, sa't de foarbylden yn (18) útwize:

(18) *foarbylden fan wurden mei de lûden fan restriksje (17) foar in tosklûd*

<i>bliid</i>	<i>rizel</i>
<i>ridel</i> (je)	
<i>húd</i> (Súdwesthoeke)	<i>húl</i>
<i>hûd</i>	<i>hûs</i>
<i>poes</i>	
<i>skeel</i>	<i>freze</i>
<i>reus</i>	<i>heul</i> (Wâlden; oars: <i>hiel</i> of <i>heel</i>)
<i>soon</i> (Wâlden; oars: <i>sûn</i>)	

Soks liket derop te wizen, dat /r/ diel is fan de ûnderlizzende represintaasje fan wurden dy't mei <r> foar in tosklûd stavere wurde.

In ferlykber gefal is de distribúsje fan it lange ienlûd /e:/ en it sintralisearjende twilûd /ɪə/. De minimale pearen yn (19a) wize út, dat dy beide mei /d/ en /t/ kombinearje kinne. Foar /r/ komt allinnich /ɪə/ mar foar, sjoch (19b), in patroan dat men ek hat foar <rt> en <rd>, sa't (19c) sjen lit.

(19) *de distribúsje fan /e:/ en /ɪə/*

- a. *minimale pearen foar /t/ en /d/*
- | | | |
|--------------|---|--------------|
| <i>sleat</i> | ~ | <i>sleet</i> |
| <i>read</i> | ~ | <i>reed</i> |
- b. *gjin minimale pearen foar /r/*
- | | | |
|-------------|---|---------------|
| <i>fear</i> | ~ | * <i>feer</i> |
| <i>wear</i> | ~ | * <i>weer</i> |

- c. *gjin minimale pearen foar <rt> en <rd>*
- | | | |
|--------------|---|---------------|
| <i>feart</i> | ~ | <i>*feert</i> |
| <i>weard</i> | ~ | <i>*weerd</i> |

Mei de oannimming dat /r/ diel is fan de ûnderlizzende represintaasje fan wurden op <rt> en <rd> hat men hjir in ferklearring foar de ferskillen yn distribúsje tusken /e:/ en /ɪə/. In generalisearring sûnder dy /r/ liket net goed mooglik, of yn alle gefallen gâns kompleks, te wêzen.

4.2 trochsichtiger lûdpatroanen

Guon lûdpatroanen hawwe in grutter berik, en dêrmei in gruttere generalisearjende krêft, as foar de wurden dy't mei <r> foar in tosklûd stavere wurde, in /r/ yn de ûnderlizzende represintaasje oannommen wurdt. It giet dêrby om de wiksel tusken -er- en -ar- (§ 4.2.1), de oergong fan /ɛ/ nei /ɪ/ foar noaslûden (§ 4.2.2), de wiksel *ea/ie* en *oa/oe* foar /r/ (§ 4.2.3), de wiksel tusken /wa/ en /ø/ foar /r/ (§ 4.2.4) en, as lêste, it net foarkommen fan /a/ foar tosklûden (§ 4.2.5).

De patroanen fan §§ 4.2.1, 4.2.3 en 4.2.4 binne dialektysk beskaat, meidat de wurden mei de iene en mei de oare lûdfariant elk foar oar mar allinnich yn beskate hoeken fan it Fryske taalgebiet foarkomme. Men soe no úthâlde kinne, dat der op grûn fan sokke wikselpatroanen dan ek gjin algemiene útspraken oer de fonologyske opbou fan de Fryske wurdfoarried as gehiel dien wurde kinne, en dan dus ek net oer it al of net oannimmen fan in ûnderlizzende /r/ foar tosklûden. It Frysk, mei syn dialekten, moat lykwols sa algemien en generalisearjend mooglik beskreaun wurde.¹⁰ Fryskpraters – dy binne langer aardich mobyl en hawwe dus ek mear as earder mei de ûnderskate Fryske dialekten te krijen – hawwe weet fan de globale dialektferskillen yn it Frysk; dy binne ûnderdiel fan har competence.

4.2.1 de wiksel tusken /ɛr/ en /ar/

Taalhistoarysk sjoen hat it koarte, heal iepene foarlûd /ɛ/ de oanstriid hân om foar /r/ nei it koarte, iepene lûd /a/ oer te gean (Hoekstra (2001b:724)). Wurden as *har*, *kar*, *mar* en *par* hawwe sa har /a/ skipe. Dy oergong hat lykwols net systematysk syn beslach krige, dat der binne wurdpearen dêr't /ɛr/ en /ar/ mei-inoar wikselje¹¹. Soks kin dan ek oarsom begjinne

10 Dat wol fansels net sizze, dat it as dialektysk markearjen fan wurden nea nedich is. Yn dúdlike gefallen as *riuwe* en *saterdei* (Wâlden) vs *harke* en *sneon* (Klaai) sil it dêr net sûnder kinne.

11 Dat docht him net foar, as /a/ ûnderdiel fan it brekkingsprodukt (opgeand twilûd) /wa/

te wurkjen en sa binne der neist guon wurden mei /ar/ wurden mei /ɛr/ kommen te stean. Yn (20) hat men foarbylden fan dizze wiksel (de foarm mei /ɛ/ wurdt hieltyd as earste neamd):

(20) *foarbylden fan wurdpearen mei /ɛr/ en /ar/¹²*

<i>berm</i>	~	<i>barm</i>
<i>ferve</i>	~	<i>farve</i>
<i>herberge</i>	~	<i>harbarg</i> ^{e13}
<i>reberber</i>	~	<i>rebarber</i>
<i>dwerrelje</i>	~	<i>dwarrelje</i>

By wurden dy't mei <r> foar in tosklûd stavere wurde, hat men de wiksel tusken <er> en <ar> ek, dêr't yn (21) foarbylden fan jûn wurde:

(21) *foarbylden fan wurdpearen mei <er> en <ar> foar in tosklûd*

<i>hert</i>	~	<i>hart</i>
<i>herne</i>	~	<i>harne</i>
<i>skerne</i>	~	<i>skarne</i>
<i>hers</i>	~	<i>hars</i>
<i>fersk</i>	~	<i>farsk</i>
<i>kers</i>	~	<i>karse</i>
<i>berste</i>	~	<i>barste</i>

Mei /r/ yn de ûnderlizzende represintaasje binne de wurden yn (21) ûnder itselde patroan as dat yn (20) te beflappen.

4.2.2 de oergong fan /ɛ/ nei /ɪ/ foar in noaslûd

It koarte, heal iepene foarlûd /ɛ/ is foar de noaslûden almeast oergongen nei it koarte, heal slettene foarlûd /ɪ/ (Sytstra en Hof (1925:15), Hoekstra (2001b:724)). Sjoch (22) foar foarbylden:

is, lykas yn *koart* en *boarst*.

- Men hat dit ek in soad by nammen, lykas yn de nammepearen *Herm* ~ *Harm*, *Germt* ~ *Garnt*, *Herke* ~ *Harke*, *Ferdau* ~ *Fardou*, *Ferwert* ~ *Farwert*, *Berkwert* ~ *Barkwert* en *Berrum* ~ *Barrum*.
- Logysk sjoen soe *herberge* ôfwikselje kinne moatte mei *harberge* en *herbarg*. Better net te witten hat men allinnich de wiksel *herberge* ~ *harbarg*. De twa folle lûden binne dus altyd gelyk. Dêr liket in foech assonânsjeprinsipe efter te sitten.

(22) *foarbylden fan de oergong fan /ɛ/ nei /i/ foar in noaslûd*

- a. *wurden mei allinnich /i/*
rinne (ferlykje Nederlânsk *rennen*)
himd (ferlykje Nederlânsk *hemd*)
kring (ferlykje Nederlânsk *kreng*)
- b. *wurden mei wiksel tusken /ɛ/ en /i/*¹⁴
stemme ~ *stimme*
swemme ~ *swimme*
bedemje ~ *bedimje*
penne ~ *pinne*
- c. *wurden mei systematysk /ɛ/ foar <rn>*¹⁵
jern
ferlern
jerne
tjerne
bern (~ *barn*)
herne (~ *harne*)
skerne (~ *skarne*)

Yn (22a) hat /i/ it geweld allinnich, yn (22b) giet it om wikselfoarmen. It is lykwols systematysk /ɛ/, as der yn de stavering in <r> foar it noaslûd stiet, sa't yn (22c) it gefal is. Nimt men hjir in /r/ yn de ûnderlizzende represintaasje oan, dan falle dizze wurden net ûnder de generalisaasje dat de sekwinsje /ɛ/ + noaslûd net yn ien en itselde wurd foarkomt.¹⁶

Yn (22c) binne *bern*, *herne* en *skerne* apart set, omdat dêr foarmen mei /a/ neist steane. Soks is in ekstra oanwizing foar /r/ yn dizze wurden, want krekt foar /r/ wolle /ɛ/ en /a/ graach mei-inoar wikselje (sjoch de subparagraaf hjirfoar).

14 It seit himsels suver, dat yn it Standertfrysk de foarmen mei /i/ de pree hawwe, meidat dy fierder fan it Nederlânsk ôf steane (op skrift wurde dan ek inkel de foarmen mei <i> tastien). De foarmen mei /ɛ/ wurde fan it Nederlânsk stipe en dogge de ferlykbere Fryske foarmen mei /i/ op dit stik dan ek swiere 'konkurrinsje' oan.

15 It WFT neamt fan *jern* de njonkenfoarm *jarn*, dy't neffens it *Friesch Woordenboek* (diel 2, 1903) oan Koudum keppelle wurde moat. En foar *tjerne* wurdt de fariant *sarne* (*sanne*) neamd; dy hat Joast Halbertsma yn Molkwar opheind. Yn myn eigen dialekt (noardwestlik Klaaifrysk) wurdt *jern* as [jin] útsprutsen; yn it Skiermûntseagersk komme *jen* [jɛn] en *jim* [jim] neistinoar foar.

16 Yn brutsen foarmen kin /ɛ/ al foar nasalen komme te stean, sa't oan bygelyks *beammen* [bjɛmm] en *teannen* [tjɛnn] te sjen is. Dat freget om in oare ferklearring as deselde dy't hjir jûn is foar de /ɛ/ yn wurden as *jern* en *skerne*.

4.2.3 de wiksel ea/ie en oa/oe foar /r/

De sintralisearjende twilûden /iə/ (<ea>) en /iə/ (<ie>) en /oə/ (<oa>) en /uə/ (<oe>) wikselje foar /r/ wol mei-inoar (Sytstra en Hof (1925:37,40)). De gefallen dy't ik byinoar fandelje kinnen haw, steane yn (23):

(23) *wurdpearen mei de wiksel /iə/ ~ /iə/ en /oə/ ~ /uə/ foar /r/*

a. *mei in sintralisearjend twilûd*

<i>hier</i>	~	<i>hear</i>	(yn: yn syn hiele hear en fear)
<i>fier</i>	~	<i>fear</i>	(yn: fearrekiker, fearskoan)
<i>ier</i>	~	<i>ear</i>	(yn: earder, earst)
<i>kier</i>	~	<i>kear</i>	
<i>manier</i>	~	<i>manear</i>	
<i>riere</i>	~	<i>reare</i>	
<i>moar</i>	~	<i>moer</i>	
<i>tsjoar</i>	~	<i>tsjoer</i>	

b. *mei in brutsen lûd*

<i>stjir(re)</i>	~	<i>stjer(re)</i>	
<i>djirre</i>	~	<i>djerre</i>	
<i>boarrel</i>	~	<i>buorrel</i>	
<i>goarrelje</i>	~	<i>guorrelje</i>	
<i>hoarre!</i>	~	<i>huorre!</i>	
<i>toarre</i>	~	<i>tuorre</i>	
<i>enoar</i>	~	<i>enuor</i>	
<i>snoarje</i>	~	<i>snuorje</i>	

c. *foar <r> + tosklûd*

<i>ierde</i>	~	<i>earde</i> ¹⁷	
<i>gjirde</i>	~	<i>gearde</i>	
<i>foart</i>	~	<i>fuort</i>	
<i>woartel</i>	~	<i>wuortel</i>	

Mei /r/ yn de ûnderlizzende represintaasje fan de wurden yn (23c) krijt men hjir oer it gehiel in trochsichtiger wikselpatroan.

17 De súdlike foarm *earde* komt hjoed-de-dei net mear yn los gebrûk foar. Hy is bewarre bleaun yn in stik of wat ûntrochsichtige gearstalde wurden, lykas *eardbei*, *eardlatten*, *eardmantsje* en *eardske* (sjoch WFT, s.v. *ierde*). Fierders hat *earde*, yn *eardappel*, faar stien oer de súdlike farianten fan 'ierappel': *earappel*, *earpel*, *eaapel*, *irpel* (sjoch Hoekstra et al. (1994)).

4.2.4 de wiksel tusken /wa/ en /ø/ foar /r/

It brutsene twilûd /wa/ (<oa>) wikselet foar /r/ wol mei /ø/ (<u>).¹⁸ De wurdpearen mei dizze wiksel wurde jûn yn (24) (sjoch ek Sytstra en Hof (1925:40)):

(24) wurdpearen mei de wiksel /wa/ (<oa>) ~ /ø/ (<u>) foar /r/

a. foar /r/+ net-tosklûd

kloarkje	~	klurkje
moarch	~	murch
woarch ¹⁹	~	wurch
woarp	~	wurp

b. foar /r/ + tosklûd

gourselje	~	gurselje	‘drille, ôfrjochtsje’
hoartsje	~	hurtsje	
koart	~	kurt	
stoarte	~	sturte	
woartel	~	wurtel	

Hjir is it ek wer sa, dat it oannimmen fan /r/ yn de ûnderlizzende representaaasje fan de wurden yn (24b) in trochsichtiger wikselpatroan opsmyt.

4.2.5 it net foarkommen fan /a/ foar tosklûden

Besjoch de wurden yn (25):

(25) foarbylden fan wurden mei <a> (/ɔ/) foar in tosklûd

fan	/fɔn/	jas	/jɔs/
kat	/kɔt/	panne	/pɔnə/
bal	/bɔl/	kladde	/klɔdɔ/
plasse	/plɔsə/	latte	/lɔtə/

Wy skriuwe dizze wurden dan wol mei <a>, mar se hawwe it heal iepene efterlûd /ɔ/. It is in stevich yn it Frysk bewoartele lûdpatroan dat it koarte, iepene lûd /a/ binnen ien en itselde wurd net foar de tosklûden fan it wurd *soldaten* stiet (Sipma (1913:6, punt 8), Sytstra en Hof (1925:10), Tiersma (1985:12;1999²:10), Hoekstra (2001a:84), Popkema (2006:64)).²⁰

18 /ø/ is hjir it produkt fan de rûning fan in âldere /ɪ/, sa't ek oan de eardere stavering fan de oanbelangjende wurden, mei <i>, ôfnommen wurde kin.

19 *woarch* hat *warch* as fariant.

20 Wurden as *mar*, *par*, *karre*, *swarr(e)* hawwe in /a/. It bylûd /r/, dat meast ta de dentalen/

In stevich bewoartele patroan, dat sûnder mis, mar net in spikerhurden ien. Der binne nammentlik nochal wat klassen útsûnderingen:

- As /a/, histoarysk sjoen, in ferkoarte /a:/ is, sa't men dat hat yn *Atsje* /atsjə/ (ferlykje de manljusnamme *Ate*), *hast* /hast/ (ferlykje Nederlânsk *haast*), *hastich* /hastəy/ (ferlykje it haadwurd *haast*), *hazze* /hazə/ (ferlykje Nederlânsk *haas*), *master* /mastər/ (ferlykje Midfrysk *maester*), *twadde* /twad(s) /twadə/, /twad(s)/ (ferlykje *twa* /twa:/), *patsje* /patsjə/ 'tútsje' (tiidwurd en ferlytsingswurd; in ferâldere wurd, ferlykje it allyksa ferâldere haadwurd *paat* 'tút').²¹
- As /a/ en it tosklûd yn in syntaktyske konfiguraasje neistlizzers wurden binne, sjoch *sa'n* [san] en *sa't* [sat].
- As /a/ diel is fan it brekkingsprodukt /wa/, lykas yn *moatt(e)* [mat] (< [mwat]), *moandei* [mandi] (< [mwan]-), *moanne* [mwanə], *skoalle* [skwalə], *Goasse* [gwasə].²²

Fierders binne der yn de Súdwesthoeke plakken dêr't /a/ foar tosklûden gewoan is – Koudum is yn dat ferbân swiid ferneamd –, dat men op de (Noardwestlike) Klaai mei losse wurden hat, lykas *dan* [dan] en *dat* [dat]. En in jonger lienwurd as *patat* wurdt ek net as [pətət] útsprutsen. Troch al dizze útsûnderingen komt de sekwinsje [a-tosklûd] yn it Frysk dus frijwat foar. It lûdpatroan dêr't it hjir om giet, lit him dan ek net op de generalisearjende wize fan (26) formulearje:

(26) /a/-tosklûd-beheining²³

* (.../a/[+konsonant, koronaal]...)M

alveolaren rekkene wurdt, foeget him dus net nei dit lûdpatroan. Yn Popkema (2006:61) wurdt /r/ as prepalataal karakterisearre; dat soe in ferklearring foar dit hâlden en dragen wêze kinne. In probleem is dan lykwols al, a) dat prepalatalen fierders gjin rol yn de Fryske fonology spylje en b) dat de likwiden as klasse ta de prepalatalen rekkene wurde moatte, dêr't likemin fierdere oanwizingen foar binne.

21 De frekwinte tiidwurdsfoarmen (*do*) *hast* [hast] en (*hy*) *hat* [hat] hearre hjir ek. Earder moatte dy in labiaal bylûd (w/b) hân hawwe (ferlykje Nederlânsk *heeft* (neist *hebben*)), mar dat is foar de Aldfryske oerlevering al weiwurden.

22 Wurden as *koart* [kwat] en *loarte* [lwatə] hawwe it brekkingsprodukt /wa/ likegoed as in skreaune <ɾ> foar in tosklûd.

De wurden *hart*, *hars* en *skarne* hawwe njonkenfoarmen mei /ɛ/: *hert*, *hers* en *skerne*. Sjoch § 4.2.1 hjirfoar foar de wiksel tusken /ɛr/ en /ar/.

23 It skaaimerik [koronaal] wurdt hjir brûkt om de tosklûden mei te karakterisearjen (krekt as yn regel (29)/(33) hjirnei). 'M' stiet foar: morfeem.

De klasse útsûnderingen dêr't it my hjir fansels om te rêden is, haw ik foar it lêst bewarre:

- As der yn de skreaune foarm fan de oanbelangjende wurden in <r> foar it tosklûd stiet, sjoch bygelyks *hart* [hat], *hars* [has], *swart* [swat], *parse* [pasə], *flarde* [fladə], *barte* [batə], *skarne* [skanə].

Mei de oannimming dat de skreaune <r> foar tosklûden diel útmakket fan de ûnderlizzende represintaasje fan wurden wurdt dit lûdpatroan, mei omdat it hjir om in moai grut tal wurden giet, in ein trochsichtiger. As men foar in wurd as *wart* gjin ûnderlizzende /r/ oannimt, dan krijt men de ûnderlizzende represintaasje /vat/, mei in /a/ foar it tosklûd /t/. Dat is fonologysk besjoen minder geunstich. Nimt men dy /r/ al oan, dan komt it ferskil tusken *wat* /vət/ en *wart* /vart/ derút te sjen as yn (27):

(27) *it ferskil tusken wat en wart*

	<i>wat</i>	<i>wart</i>
ûnderl. repres.	/vət/	/vart/
realisearring	[vət]	[vat] ²⁴

It ferskil tusken [ɔ] en [a] lit him streekrocht yn ferbân bringe mei it ferskil tusken de ûnderlizzende represintaasjes /vət/ en /vart/, mei in sûnder /r/.²⁵ Mei /vət/ en /vat/ as ûnderlizzende represintaasjes hat men dy mooglikheid net.²⁶

24 De /r/ yn /vart/ moat fansels skrast wurde om op de útspraakfoarm [vat] út te kommen. Yn de folgjende paragraaf wurdt in útstel foar de beregeling dêrfan dien.

25 Dit liket op it ferskil tusken bygelyks *ies* [i.əs] - *iens* [i.ə's] en *wiis* [vi:s] - *Wyns* [vi:'s], sûnder en mei in nasaal (twi)lûd, dat te relatearjen is oan it ferskil tusken de ûnderlizzende represintaasjes /iəs/ - /iəns/ en /vi:z/ - /vi:nz/, mei in sûnder it noaslûd /n/.

Yn de fyftiger jierren fan de foarige ieu hat der in, bytiden wat feninige, diskusje west tusken Van Coetsem en Hoekema oer de foneemwearde fan it nasale lûd yn *iens* (vs it orale yn *ies*). Dêr waard it pear *wat* [vət] - *wart* [vat] ek geregeld by 'yn stelling' brocht. Sjoch Hoekema (1957; 1958a; 1958b:60-61; 1959) en Van Coetsem (1958:15-16).

26 It probleem mei wurden as *boarst* [bwast] en *dwars* [dwas] is, dat dy sûnder ûnderlizzende /r/ foar /s/ dan wol in stimpleaze rûzer nei in koart lûd hawwe, in pree, mar dat dan tagelyk /a/ foar it tosklûd /s/ stiet, no just gjin pree. Der binne hjir dus tsjinstridige 'belangen' yn it spul, dy't samar net mei-inoar yn it lyk te bringen binne.

5 Hoe rekket men fan /r/ ôf?

Der binne, sa't wy sjoen hawwe, arguminten foar en tsjin it oannimmen fan /r/ yn de ûnderlizzende represintaasje fan de wurden dy't mei <r> foar in tosklûd skreaun wurde. Der liket hjir dus sprake fan tsjinstridige evidinsje te wêzen. Yn dizze paragraaf wol ik neigean, oft dy evidinsje wier tsjinstridich is en oft it net mooglik is om ta in 'fermoedskening' te slagjen. Oars sein, oft der net in wei te finen is om maksimaal fan de oan- en de ôfwêzichheid fan /r/ te profitearjen.

De arguminten foar de oanwêzichheid fan /r/ yn de foarige paragraaf wurde ûntliend oan generalisaasjes oer de fonologyske opbou fan wurden en oer, foar in part dialektyske, lûdwiksel tusken wurden. Dy generalisaasjes jilde foar de besteande wurdfoarried fan it Frysk en beheine har ta net-ôflaten foarmen (simpleksen). It giet om statyske lûdpatroanen, dy't net 'produktyf' binne, dat wol sizze, dy't net nei nij foarme wurden en nije lienwurden wreidzje. Om it te sizzen yn termen fan it model fan de Leksikale Fonology (sjoch § 1): mei sokke generalisaasjes beweecht men jin op it djipste leksikale nivo – it ûnderlizzende –, dat it fierst fan it fonetyske nivo (de oerflaktestruktuer) ôf stiet.

De arguminten foar de ôfwêzichheid fan /r/ yn § 3 wurde ûntliend oan net-statyske lûdpatroanen en aktive fonologyske prosessen. Fan dat lêste is nasalearring – algemien en produktyf – in goede yllustraasje (sjoch § 3.1). De *-ns*-generalisaasje yn (9) is in statyske generalisaasje oer de besteande wurdskat. Mar hy hat ek wat te sizzen oer ôflaten foarmen, sa't de foarbylden yn (28) útwize:

(28) *foarbylden fan de jildichheid fan de /ns/-generalisaasje yn ôflaten foarmen*

<i>moarns</i>	/mwa:n+s/	(ferl. <i>moarntyd</i> /mwan/-)
<i>wynsk</i>	/vi:n+sk/	(ferl. <i>win(e)</i> /vin/)
<i>wynsel</i>	/vi:nsəl/	(ferl. <i>win(e)</i> /vin/)
<i>dúnsk</i>	/dy:n+sk/	(ferl. <i>dún(je)</i> /dyn/)
<i>fynst</i>	/fi:n+st/	(ferl. <i>fin(e)</i> /fin/)
<i>winst</i>	/ve:n+st/	(ferl. <i>winn(e)</i> /vin/)
<i>wenst</i>	/vɛ:n+st/	(ferl. <i>wenn(e)</i> /ven/)
<i>begjinsel</i>	/bəqjɪ:n+səl/	(ferl. <i>begjinn(e)</i> /bəqjin/)

En hy twingt wurden noch hieltyd ta oanpassing, sa't bliken docht oan it jongere lienwurd *stinsel* [ste:ːsɪ], dat foar *-ns(əl)* in lang lûd krige hat (ferlykje de Nederlânske wjergader *stencil* /stɛnsəl/, mei in koart lûd).

Mei sokke patroanen en prosessen beweecht men jin op de nivo's nei it ûnderlizzende nivo, te witten it leksikale nivo, dat nei de wurdfoarming komt, en it fonetyske (postleksikale) nivo, dêr't wurden inoar yn de syntaksis treffe en inoar sa beynfloedzje kinne.

Nimt men /r/ yn de ûnderlizzende represintaasje fan wurden mei in foar tosklûden skreaune <r> oan, dan moat men ek oannimme, dat der op it leksikale nivo in regel wurket dy't dy /r/ skrast. Dy regel wurdt, lineêr formulearre, yn (29)jûn:

(29) /r/-deleesje (earste ferzje)

$$r \rightarrow \emptyset / \text{-- [+kons, koronaal]...}_M$$

It giet hjir om in suver fonologysk proses. Dêryn ferskilt it fan it morfoleksikale proses dat in stam-finale /r/ foar suffiksen skrast, benammen deselden dy't út ien of mear tosklûden besteane (sjoch Duijff en Van der Kuip (2011)). Yn (30) wurdt dat oan 'e hân fan it eigenskipswurd *swart* en de bûgde tiidwurdfoarm (*hy*) *swart* sjen litten:

(30) *swart en (hy) swart*

	<i>swart</i> (ew.)	<i>swart</i> (bûgd tw.)
ûnderl. represint.	/swart/	/swar+t/
regel (29)	/swat/	n.f.t.
morfoleks. /r/-deleesje ²⁷	n.f.t	/swa+t/
útkomst	[swat]	[swat]

It eigenskipswurd *swart* hat de ûnderlizzende represintaasje /swart/, it bûgde tiidwurd (*hy*) *swart* is ûnderlizzend /swar+t/. It eigenskipswurd rekket syn /r/ kwyt troch de wurking fan regel (29), it tiidwurd sines troch morfologysk kondisjonearre deleesje. De útkomst is gelyk: [swat].

Morfoleksikale /r/-deleesje soarget foar alternânsje, want neist (*hy*) *swart* [swat], sûnder [r], stiet in foarm as (*wy*) *swarre* [swarə], mei [r]. De morfemen dy't troch (29) oanpakt wurde, reitsje har /r/ lykwols folslein kwyt, want dy komt yn net ien oerflakfoarm werom. Der ûntstiet dus net in alternearjend patroan, oars sein, (29) soarget foar absolute neutralisaasje. Dat no koe in beswier tsjin dizze abstrakte analyze wêze. Hoe moat men

27 Dizze /r/-deleesje wurdt hjir net formalisearre.

der ommers ta komme en postulearje yn de ûnderlizzende represintaasje fan in morfeem in /r/ dy't yn net ien fonetyske foarm fan dat morfeem waar te nimmen is?

Der binne gefallen, dat men it bestean fan dy /r/ oan de fonetyske foarm ôfnimme kin. Sa hawwe wy yn § 4.1 sjoen, dat /e:/ likegoed as /ɪə/ foar /d/ en /t/ foarkomme kin, sa't de pearen *sleet* ~ *sleat* en *reed* ~ *read* útwize. Mar yn bygelyks *feart* en *weard* hat men inkeld /ɪə/, krekt sa't men dat ek hat foar /r/. Yn sa'n gefal jout de fonetyske foarm in dúdlike oanwizing foar de ûnderlizzende /r/. Dat is ek sa mei *wart* [vat], dêr't [a], ynstee fan [ɔ], de ûnderlizzende /r/ om samar te sizzen 'ferriedt'.

It kin lykwols ek oars lizze. As in taalbrûker de fonetyske foarm [so.ət] heart, hoe wit er dan, oft dêr *soad* /soəd/ of *soart* /soərt/ mei bedoeld wurdt?²⁸ Yn dit gefal jout de kwaliteit fan it lûd him gjin oanwizing, want it twilûd /oə/ komt foar /r/ en foar /t/ foar, lykas yn it pear *boar* /boər/ ~ *boat* /boət/. Hjir kin de twatalichheid fan de Fryskprater ús lykwols it paad wize. It wurd *soad* hat net in dúdlike Nederlânske wjergader. Dat is oars foar *soart*, dêr't it Nederlânske *soort* neist stiet, mei in /r/ (en in <r>). Der wurdt langer moai algemien oannommen, dat ien dy't mear as ien taal yn 'e macht hat, net foar elke taal apart in leksikon (yn taalkundige sin) ta syn foldwaan hat, mar dat sa'nen in fierhinne dield leksikon hat, dêr't er foar alle talen út putte kin.²⁹ By twa sokke nau oaninoar besibbe talen as it Frysk en it Nederlânsk leit dy oannimming nammerste mear yn 'e reden. En dan liket it oannimlik, dat *soart/soort* in ûnderlizzende represintaasje mei in /r/ hat. De deleesje fan dy /r/ is segminteel en posisjoneel beskaat: /r/ falt wei foar koronale konsonanten binnen ien en itselde morfeem, oars sein, foar in tautomorfemyske koronaal. Dêrmei is er yn begjinsel werom te rekonstruearjen (sjoch noat 25 foar in soartgelikens argumint foar it oannimmen fan /n/ yn de ûnderlizzende represintaasje fan wurden as *iens* en *Wyns*, dy't mar allinnich mei in nasaal lûd realisearre

28 Mei tank oan Siebren Dyk, dy't my op dit gefal wiisde.

Lju dy't Frysk skriuwe en net op Fryske les west hawwe, sjocht men dat wol gauris in *soa<r>* staverje, wylst se in *soad* bedoele. Soe men dat ynterpretearje meie as in beskaat 'besef' fan in ûnderlizzende /r/?

29 Sjoch bygelyks Grosjean (1989) - in artikel mei in wol tige programmatyske titel! - en Matras (2009), dy't op side 91 rept fan "a growing trend to approach the bilingual repertoire as an integrated whole, rather than as a delineated combination of self-contained systems" (mei tank oan Nanna Hilton, dy't my op Grosjean syn artikel, en Nika Stefan, dy't my op Matras syn boek wiisde). Yn dit ferbân is it wol goed om derop te wizen, dat Sjölin it al yn 1976 wierskynlik achte, dat it Frysk en it Nederlânsk "met behulp van dezelfde grammatica" beskreaun wurde kinne, "waarbij het Fries pas op morfofonematisch niveau d.m.v. een beperkt aantal conversieregels (...) van het Nederlands zou worden afgesplitst" (Sjölin (1976: 11)).

wurde). Boppedat, as beskate fonologyske generalisaasjes har mei in ûnderlizzende (abstrakte) /r/ better begripe en formulearje litte, dan is der in soad foar sa'n /r/ te sizzen³⁰.

Yn eigen wurden fâlt /r/ foar tosklûden wei. Dat jildt ek foar âldere lienwurden, dy't al in skoft yn it Frysk meidraaie, dêrtroch it karakter fan lienwurd kwyt rekke binne en sa begûn binne oan prosessen foar eigen wurden mei te dwaan. Yn (31) wurde dêr foarbylden fan jûn:

(31) *foarbylden fan lienwurden mei in foar tosklûden weifallen <r>*

<i>apart</i>	[apat]	<i>biljert</i>	[biljɛt]
<i>foarsje/faasje</i>	[fwasjə]/[fa:sjə]	<i>kefert</i>	[kəfɛt]
<i>lúsjefers</i>	[lysʃəfɛs]	<i>oarder</i>	[vwadr]
<i>portret</i>	[pɔtrɛt]	<i>party</i>	[pati]

It kin hiel goed wêze, dat sokke wurden har ûnderlizzende /r/ hielendal kwyt rekke binne.³¹

Yn jongere lienwurden wurdt /r/ foar tosklûden realisearre, sa't de foarbylden yn (32) sjen litte³²:

(32) *foarbylden fan lienwurden mei in foar tosklûden realisearre <r>*

<i>modern</i>	[mo.dɛrn]
<i>sport</i>	[spɔrt]
<i>snert</i>	[snɛrt]
<i>arts</i>	[arts] ³³

30 In fonolooch kin dan al gau it ferwyt te hearren krije, dat er in stik histoaryske lûdleare yn syn syngroane analyze 'slûket'. As men mei sa'n ûnderlizzende /r/ lykwols ta generalisaasjes slagje kin, dan is sa'n ferwyt goed te wjerlizzen. It mei boppedat bekend stean, dat de grammatika fan in taal minder hurd feroaret as dat men op it earste each sizze soe.

31 Foar eigen wurden as *kerl* /kɛl/ (< /kɛrl/ < /kɛrəl/) en *waarl* /va:l/ (< /va:rl/ < /varəl/) moat men soks ek oannimme. Dat sil mei de aparte einkloft -/rl/ te meitsjen hawwe, dy't fan lofts nei rjochts net in ôfnimmende, mar in tanimmende sonoriteit hat, want /r/ is sonoarder as /l/ (sjoch ek Visser (1997: 136-138)).

32 Yn eigennammen wurdt de skreaune <r> foar in tosklûd ek wol útsprutsen, bygelyks yn *Bert* [bɛrt] en *Bart* [bart] (mar yn *Bartele* [batələ] wer net).

33 Bottema (2012) hâldt út, dat it part -*arts* fan de gearsetting *fee-arts* as [ats] útsprutsen wurdt, sûnder [r]. Gewoanwei liket my de <r> yn *arts* al útsprutsen te wurden. Mooglik is *fee-arts* op it Fryske plattelân sa'n bekend en eigen begryp, dat it wurd him nei de regels fan it Frysk begjint te jaan. Ferlykje it wurd *sport*, dat mei in [r] útsprutsen wurdt, mar yn de bekende gearsetting *sportterrein* ek sûnder [r] foar de hearen komme kin.

Dat hâldt yn, dat regel (29) sa yn syn wurking beheind wurde moat, dat er mar allinnich op eigen wurden wurket. Om ûnôfhinklike reden moat oannommen wurde, dat it leksikon út ûnderskate lagen bestiet, û.o. dy fan eigen wurden (erwurden) en lienwurden (frjemde wurden). By it formulearjen fan fonologyske regels kin dy opdieling fan it leksikon dan ek brûkt wurde. Wy komme sa út by de regel yn (33):

(33) /r/-deleesje (twadde ferzje) ϵ

$r \rightarrow \emptyset / \text{-- [+kons, koronaal]...}M$

kondysje: wurket op eigen wurden

It liket dus hiel wol mooglik te wêzen om maksimaal te profitearjen fan de oanwêzichheid fan /r/ op it ûnderlizzende nivo en tagelyk fan de ôfwêzichheid fan /r/ op de lettere nivo's. Sa kriget men "the best of both worlds".

6 By einsluten

Yn dit stik gong it om de fraach, oft /r/ net oannommen wurde moat yn de ûnderlizzende represintaasje fan wurden lykas dy yn (1) – *bern, lears, fers, burd* en *kaart* –, mei yn de stavering in <r> foar it tosklûd, mar mei in útspraak sûnder in spoar fan in /r/. Meidat der arguminten foar en tsjin sa'n /r/ by te bringen binne, liket it as hat men hjir mei tsjinstridige evidinsje te krijen. Of it soe sa wêze moatte, dat men ta in analyse slagje kin dy't maksimaal fan de oan- en de ôfwêzichheid fan /r/ profitearret. Dat lêste no liket mooglik te wêzen. Yn de hjir útstelde analyse is /r/ der foar tosklûden al en hy is der net, mar op ferskillende nivo's fan represintaasje, en mei ferskillende effekten.

De hjir presintearre analyse is frij abstrakt. Dêrmei komme wy op in âld striidpunt yn de fonology, dat fan de tastiene graad fan abstraksje (*How abstract is phonology?*). Oft myn analyse it hâlde kin, moat útwizing dwaan, soks is in empiryske kwestje. Mar it liek my in goed ding ta om dit hiele kompleks fan feiten en in mooglike ferklearring sa in kear nei foaren te bringen.

> Literatuer

R. van Bezooijen, *Het raadsel van de ratelaar*. Rondom de r in het Leewarders en het Fries (Leeuwarden/Ljouwert 2006).

Ph. van Blom, *Beknopte Friesche Spraakkunst voor den tegenwoordigen tijd* (Joure 1889).

- Sj. Bottema, 'Goud van oud en lead om âld izer' (kollum), *De Moanne* 11/6 (2012) s. 23.
- Fr. van Coetsem, 'Nogmaals: de nasalering in het Fries van fonologisch standpunt beschouwd', *Us Wurk* 7 (1958) s. 14-16.
- G. Colmjon, *Beknopte Friesche Spraakkunst voor den tegenwoordigen tijd* (Leeuwarden 1863).
- S. Dyk, 'De oergong rd>z en rt>ts yn it Skiermûntseagersk', *Us Wurk* 55 (2006) s. 80-110.
- P. Duijff en F.J. van der Kuip, 'Morfeemfinale r-deleesje yn bûgingen, ôfliedingen en gearsettingen', *Us Wurk* 60 (2011) s. 44-59.
- S.K. Feitsma, *De vlugge Fries. Handleiding om zonder onderwijzer in korten tijd Friesch te leeren lezen, schrijven en spreken* (Kampen 1902).
- Fr. Grosjean, 'Neurolinguists, Beware! The Bilingual Is Not Two Monolinguals In One Person', *Brain and Language* 36 (1989) s. 3-15.
- G.J. de Haan, 'Nasalearring en rekking yn it Frysk', yn: S. Dyk en G.J. de Haan (eds.), *Wurdfoarried en Wurdgrammatika. In bondel leksikale stúdzjes* (Ljouwert 1988) s. 45-59.
- T. Hoekema, 'Is ies-iens in foarbyld fan in fonologyske tsjinstelling yn it Frysk of net?', *Us Wurk* 6 (1957) s. 103.
- T. Hoekema, 'Is komplemintaire distribúsje in diakroanysk bilêstge bigryp?', *Us Wurk* 7 (1958) s. 16-17 [= Hoekema 1958a].
- T. Hoekema, 'De foneemwearde en de stavering fan de nasaliteit', *Us Wurk* 7 (1958) s. 60-62 [= Hoekema 1958b].
- T. Hoekema, 'Peccavi in phonematicis', *Us Wurk* 8 (1959) s. 88.
- J. Hoekstra, 'Standard West Frisian', yn: H.H. Munske e.o. (eds.), *Handbuch des Friesischen/Handbook of Frisian Studies* (Tübingen 2001) s. 83-98 [= Hoekstra 2001a].
- J. Hoekstra, 'An Outline History of West Frisian', yn: H.H. Munske e.o. (eds.), *Handbuch des Friesischen/Handbook of Frisian Studies* (Tübingen 2001) s. 722-734 [= Hoekstra 2001b].
- J. Hoekstra e.o., 'De ierappel op 'e souwe. De dialektgeografyske en fonologyske ûntjouwing fan it wurd 'ierappel' yn it Frysk', *It Beaken* 56 (1994) s. 281-298.
- E.M. Kaisse en A. McMahon, 'Lexical Phonology and the Lexical Syndrome', yn: M. van Oosterdorp e.o. (eds.), *The Blackwell Companion to Phonology. Volume IV: Phonological Interfaces* (Chichester 2011) s. 2236-2257.
- Y. Matras, *Language Contact* (Cambridge 2009) [Cambridge textbooks in Linguistics].
- G. van der Meer, *Frisian 'breaking'. Aspects of the origin and the development of a sound change* (Grins/Groningen 1985) [Estrikken, 66].
- J. Popkema, *Grammatica Fries. De regels van het Fries* (Utrecht 2006).

- G. Postma en P. de Clercq, *Lytse Fryske Spraekleare, it Westerlauwersk om 1900 hinne oangeande* (Ljouwert 1904).
- P. Sipma, *Phonology & Grammar of Modern West Frisian*. With Phonetic Texts and Glossary (Oxford 1913) [Publications of the Philological Society, II].
- H.S. Sytstra, *Klank- en schrifteleer der Friesche taal, of Eerste afdeeling der Friesche Spraakkunst* (Leeuwarden 1856).
- O.H. Sytstra en J.J. Hof, *Nieuwe Friesche Spraakkunst* (Leeuwarden 1925).
- B. Sjölin, "Min Frysk". *Een onderzoek naar het ontstaan van transfer en 'code-switching' in gesproken Fries* (Amsterdam/Grins 1976) [Estrikken, 53].
- Chr. Stapelkamp, 'Epenthesis van r', yn: Chr. Stapelkamp, *Frisiaca (I)* (Grins 1955) [Estrikken, VIII] s. 6-10.
- P.M. Tiersma, *Aspects of the phonology of Frisian based on the language of Grou* (Amsterdam/Ljouwert 1979) [Meidielingen, 4].
- P.M. Tiersma, *Frisian Reference Grammar* (Dordrecht 1985).
- P.M. Tiersma, *Frisian Reference Grammar* (Ljouwert 1999²).
- D.H. Veenstra, '/d/-Rotasisme yn it Frysk. Fonetyske en fonologyske aspekten fan de oergong ynterfokalyske /d/ > /r/', *Tydskrift foar Fryske Taalkunde* 5 (1989) s. 41-67.
- A.P. Versloot, 'Brekking yn it Skylger Frysk en it Súdwesthoeksk', *It Beaken* 64 (2002) s. 247-271.
- W. Visser, 'Jitris: nasalearring en rekking', *Tydskrift foar Fryske Taalkunde* 6 (1991) s. 28-37.
- W. Visser, *The Syllable in Frisian* (The Hague 1997) [HIL Dissertations, 30].
- Wurdboek fan de Fryske taal/Woordenboek der Friese taal* (Ljouwert 1984-2011) [= WFT].